

couplet 1: DÊR 'T DE NOARDSEWEAGEN SPIELE OAN IT STRÂN,
DÊR 'T DE BÛTERBLOMMEN BLOEI' YN 'T GRIENE LÂN.
DÊR 'T DE KOBHEN KRITTE SKRIL YN 'T STOARMGERÛS,
DÊR IS MYN LÂNSDOUWE. STIE MYN ÂLDERSHÛS.
DÊR 'T DE KOBHEN KRITTE SKRIL YN 'T STOARMGERÛS,
DÊR IS MYN LÂNSDOUWE. STIE MYN ÂLDERSHÛS.

couplet 2: WYN EN WEAGEN SONGEN DÊR HAR LIET FOAR MY,
EFTER HEGE DIKEN GIE MYN JEUGD FOARBY.
MAR MYN HERTE LANGE NEI DE WIDE WRÂLD,
'K WOE OM FIERRENS SWALKJE SÛNDER HONK EN HÂLD.
MAR MYN HERTE LANGE NEI DE WIDE WRÂLD,
'K WOE OM FIERRENS SWALKJE SÛNDER HONK EN HÂLD.

couplet 3: FOLLE LOK EN LIJEN HAW IK NEITIID FÛN,
WAT IK IENRIS DREAMDE HAT MY 'T LIBBEN JÛN.
'K SOCHT DE FIERE KIMEN, DÊR 'T MYN HERT MY DREAU,
NEARNE KOE IK BANKJE, WANT IEN LANGSTME BLEAU.
'K SOCHT DE FIERE KIMEN, DÊR 'T MYN HERT MY DREAU,
NEARNE KOE IK BANKJE, WANT IEN LANGSTME BLEAU.

tussenspel (zelfde als intro)

couplet 4: LANGSTME NEI IT GRIENE BÛNTBEBLOMME LÂN,
DÊR 'T DE NOARDSEWEAGEN SPIELE OAN IT STRÂN.
DÊR 'T DE KOBHEN KRITTE SKRIL YN 'T STOARMGERÛS,
NEI DE EIGEN OARDE EN MYN LÊSTE HÛS.
DÊR 'T DE KOBHEN KRITTE SKRIL YN 'T STOARMGERÛS,
NEI DE EIGEN OARDE EN MYN LÊSTE HÛS.

